

# KRYPTOGRAM 210A

## Horizontaal:

1 Yn 'e grûn net echt in wapen (10); 6 In Amerikaan dy 't brûkt (4); 10 De kriter wurdt miljonêr (6); 11 Lêste romtereis (8); 12 De gast is tier (4); 13 Lyts ferfiermiddel foar Doutzen (10); 15 Giet mei in lânbouwmasine op fakânsje (7); 18 Horekagelegenheid op de kemping (7); 19 Godlik lichem fan Jakob syn frou (3); 20 Wurdt ûnder de pet hâlden as it fûn is (7); 21 Te sunige earn yn Epe (7); 24 (Fj) oerwurken (10); 26 In broadsje foar de earste enerzjy (4); 27 Dat hat men noch tegoede yn it Westland (8); 28 Fûgel fan de marine (6); 29 Brune feangrûn om Top-en-Twel hinne (4); 30 Gjûn tiidleaze stikken klean (10).

## Fertikaal

2 Siket spul by in spultsje (7); 3 Reedrider-slân yn de oertiid (7); 4 Dy feroaret mei de dei (5); 5 Fekke dy 't it abc bybringt (11); 7 Yn de maitiid is Jesse drok mei syn kwetsbere gezondheid (9); 8 Dy glêzewas-ker is fan de kaart (9); 9 Muoike dy't net op 'e kofje komt (8); 14 Polderjende


mannequin (11); 15 Kin in soad ferwurdzje sûnder byld (9); 16 Miene jins oansprek-foarm te sjen (9); 17 De kleur fan in bean (8); 22 Hâlder út it Ipepark (7); 23 Hja docht mar sabeare (7); 25 Ien dat is my der ien (5).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 4 - 16 - 12 - 21 - 6 - 28 in Fryske plaknamme.

Mail dy namme nei [denksport@lc.nl](mailto:denksport@lc.nl), ûnder fermelding fan Kryptogram 210a. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 210a.

De oplossing moat op syn lêst tongers-deitemoarn **3 augustus** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

**BOEKENBON t.w.v. €25,-**



## Kryptogram 209a:

Plaknamme:

**HARICH**

**Winner Boekebon:**

E. Bolten, Alkmaar